

Fries mozaiek

„Elke doarpshûsbehearder bliuwt in bytsje kastlein”

Door Willem Altena

„YN SYN HERT bliuwt elke doarpshûsbehearder in bytsje kastlein. Elkenien krijt de kâns net, mar at se foar de kar komme te stean om in kafé oer te nimmen, no, dan wit ik it noch sa krekt net wat se dogge. Ik sis net dat se der allegearre ynspringe, mar se sille der op syn meast ris ien mei de frou op keapje en der in nacht oer sliepe”. Gerlof Ykema kan het weten, want hem en zijn vrouw Geeske werd een paar maanden geleden de kans geboden, een ‘echt’ kafé over te nemen. De 37-jarige rappe prater viel toen wel even voor een korte tijd stil; spontaneiteit is natuurlijk prima, maar wanneer het om serieuze zaken als het veranderen van een baan gaat, moet je het koppie er wel even bijhouden tenslotte.

Lang hebben de Ykema's niet gewikt en gewogen. „Nee, want wy woenen eins altiten al in eigen saak, dat we seinen tsjin mekoar: litte wy der mar yn batse, want as wy noch in jier as wat langer wachtsje, dan binne wy der suver hast al wer te âld foar”, zeggen zij, monter en allesbehalve der dagen zat, vanachter de tapkast van ‘hun’ kafé de Harmonie in Sexbierum. Naar die voor beiden volkomen onbekende stek - „Mar wy wenne oeral samar” - verhuisde het verder uit

drie kinderen bestaande gezin, nadat de heer des huizes zijn baan als beheerder van het luxe dorpshuis It Joo in Oudega (W) verder voor gezien had gehouden.

• Tropenjaren

Van het beheren van dorpshuizen overigens niks dan goeds, laat Gerlof Ykema heel nadrukkelijk weten. „Tolve jier haw ik behearder west. Asto der net in miter oan fynst, dan hâldst it sa

lang net fol. Minne behearders binne der ek net, dy knappe fuort ôf. Do moast dat wurk hast wol as in ropping sjen, want hoewol't ik noait oer it lean te klijen hân ha, is it hurd bealchjen. Do bist in ‘meisje voor dag en nacht’, no? En it sin op twahûndert persint. In mankelike kop hâldt de minsken bûten de doar. Mar ja, ‘beheerdersjaren zijn wel tropenjaren’, sizze se altiten. Dy telle dûbel. Ik wol net follê sizze, mar ik tink hast, dat in behearder likefolle en miskien wol mear oeren makket as in kastlein”.

Het beheren van een dorpshuis mag dan niet zoveel verschillen met het runnen van een kafé, er is toch ook een duidelijk onderscheid, vindt Geeske Ykema. „Sûnder dat ik sizze kin, dat my dat de ôfrûne jieren no echt tsjin stien hat, is it wol sa, dat in doarpshûs noait fan dysels wurdt. Mei in eigen kafé leit dat oars. Dat komt op dy ta, ast it goed dochst teminsten. It is krekt as mei in hierwenning. Do beteltest elke moanne hier, mar der is noch net in stien fan dy. Asto dêr net by stiltest, kin dat ek neat skele, mar asto wat trochtinkst. . .”



★ Kasteleinsechtpaar Gerlof en Geeske Ykema

Gerlof Ykema vindt het helemaal geen bezwaar, dat er in een dorp naast een café-restaurant ook een dorpshuis wordt geëxploiteerd. „It is fansels sa wis as de bank, dat as ien yn it doarpshûs sit, hy net yn it kafé in slokje nimme kin. Oarsom jildt dat fansels like goed. Myn erfarings binne dochs, dat dy twa mekoar perfoarst net yn 'e wei hoege te sitten. Mei de komst fan in doarpshûs binne ek in soad minsken, dy't dochs al noait yn in herberch kamen, út 'e hûs kommen. De merk, om it samar te sizzen, wurdt allinne mar fergrutte”, zo constateert Ykema.

● Aktiever

Een dorpshuis maakt de bewoners vaak een stuk aktiever. Het aantal verenigingen en clubjes neemt dikwijls snel toe. „Tink der mar ris om, in doarp dat libbet, hat in doarpshûs. Doe't wy fan Seisbierrum hearden, wisten wy fuortdaliks, dat wy ús wat dat oanbelanget net drok hoegden te meitsjen, want hjir stiet ommers in doarpshûs. Mei ús freon Jan Blom as behearder. Rekkenje der mar op, dat wy gauris by elkoar oer de flier komme”.

„Yn Aldegea barde dat ek. 'Nooit een centje pijn'. At der foar elkoars wurk wurdearring is, en do sitst mekoar net mei skeane eagen te bekûkeloeren, dan kin it allegearre bêst. Sjuch, ryk hoech ik net te wurden. As wy hjirre krekt sa tefreden libje meie as yn ús doarpshûsjerren, dan doch ik it der foar. . .”

Men zou kunnen zeggen, dat Gerlof Ykema weer zijn vroegere stiel heeft opgepakt. Voordat hij twaalf jaar geleden als beheerder werd aangesteld van het dorpshuis De Terp in Oosternijkerk - om in 1983 eenzelfde functie te aanvaarden in Oudega - oefende hij het beroep van kelner uit. Hij mag dan gediplomeerd lasser zijn, een fabriek heeft hij nooit van binnen gezien.

„Us heit wie yn Wommels ien fan de foaroanmannen fan it doarpshûs It Dielshûs, mar hy woe net, dat ik de horeca yn gean soe. Ik moast in goed fak leare. Mar ja jong, as ik yn Snits by in barke lâns rûn, dan wie ik wer spiker-gek. Soks woe ik ek. Allinne, ik hie wol yn 'e gaten, dat ik krekt as dy pizzabakker op 'e televyzje by de bodem begjinne moast. Dat ik skreau op advertinsjes foar in fêste baan as kelner yn Hollân. Ik tocht: ik moat wol út Fryslân wei, want ik ha leaver, dat se my dêr útlaitsje, dan hjirre”.

● Stikem

„Uteinlik krige ik fan Het Hof van Holland, in djoer hotel yn Hilversum, in telefoantsje, dat ik dêr wol komme koe. Mar omt ik de arbeidsoerienkomst net werom stjoerde, tochten se dat ik der fan ôf sjoen hie. Dat doe't ik yn myn kreaaze pak by it hotel oankaam, seagen se suver mar frjemd op. Wat wie it gefal? Us mem hie it papier út 'e brievebus helle en fuort yn it jiskefet smiten. Ik hie stikem

sollisiteard, dat se sil wol tocht ha: no bin ik ek efkes stikem”

Ykema kan zich nog als de dag van gisteren zijn eerste werkdag in die dure tent herinneren. Het personeel voorzag hem van een passende plunje en duwde hem met een schaal met veertig tourndeautjes door de klapdeuren van de keuken het restaurant in. „Dêr siet in selskip fan sa'n hûnderdfyftich hynstelju. It bettere spul. Ik switte as in otter en de stikjes fleis fleagen alle kanten út. De earste tweintich ha ik mei de fingers op 'e boarden lein, mar op in stuit hie ik it gûcheljen mei mes en leppel aardich ûnder de knibbel en rûn it as it spoar. Fuort yn it djippe, it is gemien, mar do hast sa de slach wol it fluchst te pakken!”

Na enige leerzame omzwervingen in den vreemde dook de jonge Ykema weer op in Friesland, waar hij vervolgens met veel plezier in een aantal uitspanningen oberde, om na enige tijd als dorpshuisbeheerder aan de slag te gaan. En nu, zoveel jaren later, is het café-restaurant weer zijn domein. De nieuwe uitdaging trekt hem wel. „Wy hawwe der in skriklik soad sin oan”, klinkt het enthousiast. Van de komst van het enkele kilometers verderop geplande grootschalige windmolenpark Aeolus verwachten de nieuwbakken Sexbierumers geen concurrentie. Integendeel. „As ik myn eagen ticht doch, sjoch ik al dy bussen mei toeristen ús parkearterrein al opswaaien. Nee, ik tink mar sa: as it dêr stoarmt, dan waait it hjir. . .”